



TROCH OMSTANNICHEDEN IEPEN
(Wegens omstandigheden geopend)

Blijspul yn fjouwer bedriuwen fan

ARIS BREMER

Fryske Oersetting

Betty Schilstra

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)
Tel: 072 - 5 11 24 07
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **TROCH OMSTANNICHHEEN IEPEN - WEGENS OMSTANDIGHEDEN GEOPEND** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ARIS BREMER** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2016 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Trije ynwenners fan Krimpen oan de Kronkel, alle trije fan deselde generaasje.

Krijn Kromme – net troud, lakonyk, eigner fan de fierstente stille herberch “De Kromme Kronkel”.

Styn Kromme – syn aktive suster, ek net troud. Is ek eigner fan de herberch, mar wurket ek noch by in bargeboer.

Bram Bûterblom – net beteljende stamgast, gek op froulju, freon fan Krijn en grutterbrûker fan Kleare Kronkel. Nimt graach ien te fiter.

Trije ferdwaalde kanofarders. Freondinnen fan elkoar út in oar plak. Sy binne ek like âld.

Lidy Roemers - altyd de snút iepen. Seit dat se mei har man de hiele weareld al ôfreizge hat. Is opfallend ynteressearre yn streekprodukten.

Meta Miedema – Skriuwt al jierren oan in boek oer de harsens. Siket nei har ‘roots’.

Ellen de Leeuw – projektûntwikkelder, selsbewuste dame ek al binne har lêste projekten jammerlik mislearre.

DEKÔR:

De taapkeamer fan herberch “De Kromme Kronkel”, in keale kafeeseal dy ‘t bettere tiden kend hat. Rjochts in slytske bar mei trije krukken. De bierpomp is bûten tsjinst. Achter de bar in tagong nei de oare fertrekken. Midden achter is de entree, in glêzen doar dêr ‘t in boerd oan hinget mei oan de bûtenside de tekst: TROCH OMSTANNICHEDEN IEPEN . Linksfoar stiet in wankel tafeltsje mei trije stuollen. Oan ‘e muorre hinget wat âlde reklame. Hjir en dêr stean wat lanlike attributen en ergens stiet in kast mei glêzen en flessen.

EARSTE BEDRIUW

(In broeierige simmermoarn. Krijn stiet achter de bar. Foar him stiet in iepen tromp, hy hellet der in briefke út, lêst stil de tekst en leit it wer werom. Hy pakt in oar briefke, lêst dat en moat laitsje. Op in hoeke fan de bar hinget Bram foaroer mei de holle op 'e bar; hy hat in leech glês yn 'e hân. De oare twa krukken binne leech, mar der stiet by elke kruk wol in romer op 'e bar. Sûnder de holle op te tillen tikket Bram in pear kear mei de romer op 'e bar. Krijn suchtet, pakt in flesse en jit de romer fol. De holle fan Bram giet omheech en hy wiist nei de oare romers. Krijn skinkt dy ek fol. Bram slacht de romer yn ien kear achteroer en lit de holle wer hingje. Krijn is wer werom by syn tromp as Styn, yn in blauwe overal, troch de binnendoar opkomt.

STYN: We krije min waar, Krijn.

KRIJN: *(sjocht net op)* Hoesa?

STYN: Hast de loft net sjoen?

KRIJN: Is dêr dan wat te sjen?

STYN: Hast noch net bûten west?

KRIJN: Is dêr dan wat te dwaan?

STYN: De loft wurket.

KRIJN: O. Ik ek.

STYN: Do? Do wurkest? Neamst dat wurkjen?

KRIJN: Ik wurkje. Ik ha it der net drok mei. Mar ik wurkje wol. Ja.

STYN: Dat neamsto wurk? We moatte mar es ruilje, do en ik. Do nei de bargaen....

KRIJN: *(nei de doar)* Dat kinne we dy bisten net oandwaan.

STYN: En dan gean ik wol achter de bar.

KRIJN: Sjoch, dat kinst de klanten wer net oandwaan.

STYN: Klanten? Ferwachttest dy dan?

KRIJN: Nee, mar ik moat wol iepen bliuwe. Do witst wêrom. *(draait it boerd om sadat de tekst sichtber is)* Hjir om! Der soe samar ien komme kinne. *(hinget it boerd wer goed, docht de doar iepen, sjocht nei bûten)* Wat seurst no. It is prachtich waar, Styn.

STYN: Rin de dyk mar in eintsje út en sjoch dan mar es nei it easten.

KRIJN: En wat sjoch ik dan?

STYN: Dêr komt my doch in skip mei soere appels oan.

KRIJN: Dan sjoch ik leaver net.

STYN: Ja, stek dyn kop mar yn 't sân.

KRIJN: Better de kop yn 't sân as yn 'e modder. Krekt as dyn bargaen.

STYN: Do wolst my sa gau mooglik nei "De âld Sûch" ha, hin?

KRIJN: Ikke net, mar dy bisten. Dy sjogge nei dy út. En boer Freark noch mear. Hoe is 't mei dy âlde fantast?

STYN: Dy is noch krekt like broeierich as syn dong.

KRIJN: Hy mist in frou, Styn.

STYN: Jasses Krijn, dy man is tachtich.

KRIJN: Sa'n man hat ek syn ferlet.

STYN: Hy hat genôch oan 'e bargaen.

KRIJN: Do bedoelst, dat er.... Dat mienst net!

STYN: Nee, dat bedoel ik net. Mar hy krûpt se wol oan. Hy seit dat se dan better groeie. (*laket*) Se skite allinnich mar mear. En dat mei ik dan wer opromje. No wol er ek noch dat ik de hinnen kidelje. Hy beweart dat se dan mear aaien lizze.

KRIJN: Hinnen kidelje? (*laket*) Buorman hat echt in kronkel yn 'e kop.

STYN: Sa ken ik der noch wol ien. (*knikt yn 'e rjochting fan Bram*) Is hy der no noch? Of is hy der al wer?

KRIJN: Noch. Hy hat hielendal net fuort west. En hy jout oars net as rûntsjes. (*wiist op de lege krukken en de folle glêzen*) Krekt noch.

STYN: Rûntsjes? Oan wa? Der is hjir fierder net ien.

KRIJN: Somtiden sjocht er dingen dy 't do en ik net sjogge. Syn broers bygelyks. Och, dy Bram, hy is de Grutte Knal noait hielendal te boppe kommen. (*pakt wer in oar stik papier út de tromp, lêst dit*)

STYN: De Grutte Knal wie in ramp en niet allinne foar him. En it is gjin reden om gjin klap mear út te fieren. Krijn? Hat er al es wat betelle? Der stiet in flink bedrach op 'e latte. (*Krijn laket om de tekst op it papier*) Krijn!

KRIJN: (*laitsjend*) Moatst lústerje!

STYN: Nee, do moatst lústerje!

KRIJN: (*lêst*) Komt in boer by de bakker, seit de bakker, wat sil it wêze.... (*Styn pakt him papier en tromp ôf, docht it papier deryn en slút de tromp*)... Styn, wat dochst no?

STYN: Ik praat tsjin dy!!

KRIJN: Ik hearde dy wol.

STYN: Wat frege ik dan?

KRIJN: (*pakt de tromp werom*) Styn, ik fyn alles goed, mar fan myn tromp bliuwst ôf.

STYN: Goed, goed.

KRIJN: Myn moppen binne goud wurdich! Hast dat wol yn 'e gaten?

STYN: Och kom no. Moppen dy 't goud wurdich binne?

KRIJN: It binne âlde moppen, Styn. Hiel âlde. Der binne sels antike by. Dêr hasto gjin ferstân fan. Do sparrest neat.

STYN: O nee? Witst wat ik sparje? Net betelle rekkens.

KRIJN: Dy binne net seldsum.

STYN: Nee, wienen se dat mar. Wy ha der steapels fan. Dêr sjochsto net nei. Do makkest de slugen net iens iepen.

KRIJN: Dat dochsto wol.

STYN: As der net gau wat gebeurt...

KRIJN: Hjir gebeurt noait wat.

STYN: Mei dy falt net te praten. Aanst moatte we de saak ferkeapje. Wolst dat?

KRIJN: Wa wol dit no keapje? (*Bram rjochtop en giet op de kruk neist him sitten*)

STYN: Ferdoarje Krijn, sa kin it net langer! De brouwerij leveret net mear. De telefoan is dea. De doarwarder is hjir bern oan hûs en de doar kin net mear op 't slot. As ús heit dit witte soe.... (*Bram drinkt de romer dy 't foar dy kruk stiet leech. Hy wjerhellet dizze aksje noch in kear by de oare kruk en de oare romer. Hy bliuwt dêr sitten en leit de holle wer op 'e earm*)

KRIJN: Ja, ús heit...

STYN: De Kromme Kronkel bestiet al sûnt 1880. Hjir hat altyd in Kromme de tsjinst útmakke. Altyd! Hjirboppe slipten tefreden reizgers. En it kafee, Krijn, is altyd it klopjend hert fan Krimpen oan de Kronkel west.

KRIJN: Kloppet.

STYN: Mar it kloppet no net mear!

KRIJN: Kloppet. Mar ja, Krimpen krimpt. Nei de Grutte Knal gie de jongerein fuort. It âlde folk sit foar de televyzje.

STYN: Mar in Kromme jout it net op. Hast al by it Krimper Toaniel west om te freegjen as sy hjir ek repetearje wolle?

KRIJN: Dat selskip bestiet allinne noch mar út de foarsitter. Krimp, hin.

STYN: En de fuotbalklup? Krimpen Foarút?

KRIJN: Krimpen Foarút giet allinne mar achterút.

STYN: Darte! Begjin in dartklup! Of lit se klaverjasse.

KRIJN: Klaverjasse? Dêr moattst fjouwer minsken foar ha. Wêr helje ik dy sa gau wei?

STYN: (*lilk*) Ik nim aanst wol fjouwer bargaen mei! Of trije, dêr sit al ien! (*wiist nei Bram, de holle fan Bram giet omheech. Hy tikket mei de romer op de bar. Krijn pakt automatysk de flesse*) Nee!

KRIJN: Nee?

STYN: Nee. Hy moat earst mar es in part fan syn rekken betelje. (*Bram tikket wer*) Nee, do krijst net mear.

KRIJN: (*set de flesse wer fuort*) Bram is in freon fan my.

BRAM: Krijn, bêste freon, skink my noch ien yn.

KRIJN: Do hearst wat Styn seit, Bram.

BRAM: Noch ien. Noch ien Kleare Kronkel foar 't ôfwennen.

KRIJN: Nee, Bram. Earst ôfrekkenje.

STYN: (*tsjin Bram*) Witsto wol hoefolle ast hjir noch stean hast.

KRIJN: Stean? Ien, twa. Jim stean. Ik sit. Ik sit goed. Ik sit poerbêst.

STYN: Twahûndertfjirtich euro...

KRIJN: Dat is net mislik.

STYN: En tritich sinten.

BRAM: (*siket yn 'e bûse*) O. Tsien, tweintich... tritich sinten. (*leit wat muntsjes op 'e bar, wiist nei de flesse*) Krijn?

STYN: Bram Bûterblom! Noch twahûndertfjirtich euro en dan wurdt der wer skonken.

KRIJN: Foar neat giet de sinne op.

BRAM: Mar ik wit in mop.

STYN: Nee.

KRIJN: In mop?

BRAM: Foar dyn samling, Krijn.

KRIJN: Ien dy 't ik noch net ha?

BRAM: Hy is nij.

KRIJN: (*teloarsteld*) O, it is in nije mop...

BRAM: Ja. Kenst dy mop oer dy boer dy 't in kompjûter kocht?

KRIJN: Nee. Sa te hearren is dat in nije.

BRAM: Foar in buorrel fertel ik him.

KRIJN: Ik hoech him net.

BRAM: En dyn samling dan?

KRIJN: Hoe faak ha 'k it no al sein? Ik wol gjin nije moppen. Ik sammelje âlde moppen. Allinne âlde moppen.

BRAM: Dus dy oer dy boer dy 't in kompjûter kocht en dat de ferkeaper him frege oft er der ek in trieleaze mûs by ha woe, en dat dy boer doe sei...

KRIJN: (*mei klam*) Dy hoech ik net.

BRAM: Dat sei er net. (*wat wankel oerein, hellet noch krekt de lêste drip út de romer*) Dy boer frege...

STYN: (*pakt it glês en begeliedt Bram nei de útgong*) Dy boer frege oft der dan ek in trieleaze kat by levere waard.

BRAM: O! Do koest him al, Styn?

STYN: Nee, mar ik fielde de klû op 'e klompen oankommen. En, Bram Bûterblom, ast hjir wer es delkomst... (*docht de doar iepen*).... nim dan jild mei. Sa!

KRIJN: Ha we in stamgast en jagesto him fuort.

STYN: Sokke gasten ha wy net folle oan. (*de doar giet iepen. Bram op*)

BRAM: Sa!

STYN: Nee, hin!

BRAM: Ik ken noch in mop. En dizze is wol âld. It is sels ien mei in burd. Komt dy âld mop by de kapper, freget de kapper: “Wat wurdt it, Mop? Knippe”? Seit de mop: “Nee, kapper. Allinne skeare!”
(*Bram sjocht Krijn hoopfol oan*)

KRIJN: Wie dat it?

BRAM: Snapst him net?

KRIJN: Eh...

BRAM: Dy mop hie in burd, sei ik doch.

KRIJN: Ja...

BRAM: In buorrel sit der net yn, leau ‘k.

STYN: Dat sjochst goed.

BRAM: (*tsjin Styn*) Do snapst him wol, hin?

STYN: Fansels.

BRAM: Mar do lakest net.

STYN: Ik snap dy mop wol, mar ik snap dy net. Kinsto no neat oars betinke as hjir dei en nacht wat om te hingjen?

BRAM: Ik kin wol wat oars betinke, mar neat leukers. Tink dêr mar es oer nei, Styn Kromme. (*rint nei de entree*) Sjesa!

STYN/KRIJN: Sjesa...

STYN: Wat bedoelt er mei “neat leukers”?

KRIJN: Der is neat leukers as dy. Hy komt hjir foar dy, snapst dat dan net?

STYN: Wolsto bewoare dat ... dat Bram foar my komt?

KRIJN: Dat is wis. (*Styn stoarret foar har út; hjir hie se net oan tocht. Krijn laket*)

STYN: Wat falt der no te laitsjen? Is it sa’n nuver idee dat der in man is dy ‘t wat foar my fielt?

KRIJN: (*ynienen hiel hurd laitsje*) Nee, nee... dat burd! Dy mop... Ik snap ‘m! Dy mop mei dat burd, dat er by de kapper komt.... (*laket*)

STYN: Krijn. Krijn! (*yrritearre*) Krijn Kromme!! (*Krijn hâldt op te laitsjen*) No even serieus.

KRIJN: Ik bin serieus.

STYN: Bram Bûterblom... Hat er dan wat tsjin dy wat oer my sein?

KRIJN: Jawis!

STYN: Wat?

KRIJN: Datst der sels yn in overal ferrukkelig útsjochst.

STYN: Ferrukkelig? Sei er dat?

KRIJN: En dat er flinters yn ‘t liif krige as er dy seach. It is krekt in dichter, dy Bram.

STYN: Dy Bûterblommen, hin...

KRIJN: Ja?

STYN: Dy wienen eartiids ryk, no? (*sjocht dreamerich foar har út*)

KRIJN: Stjonkend ryk. Mar doe 't harren stienfabryk de loft yn gie...

STYN: De Grutte Knal.... Tsja.

KRIJN: En no gjin neil mear om de kont te klauwen. En dan te betinken dat eartiids heal Krimpen foar de Bûterblommen wurke. En doe begûn de krimp en is der noch mar ien Bûterblom.

STYN: Tsja... Bram... (*skoddet de holle om de dream te ferjeien*) No ja... Ik moat nei "De âld Sûch" Dy fize bargaen bringe teminsten noch wat yn 't laatsje. (*yn 'e doarsiepening*) It is broeierich. Oer in heal oere brekt de hel los. Sa!

KRIJN: Sjesa! (*Styn sil ôf troch de entree; Lidy komt op. Styn bliuwt yn 'e doarsiepening stean. Lidy hat kanoklean oan*)

STYN: In klant, Krijn.

KRIJN: (*bytsje panyk*) In klant?

STYN: Toe, doch no even...

KRIJN: Ik sil it besykje. (*tsjin Lidy*) Sa!

LIDY: Goemiddei.

STYN: Moat ik bliuwe?

KRIJN: Nee, nee... Groetnis oan de biggen. Krûp se mar lekker oan.

STYN: Gek!

KRIJN: Sjesa.

STYN: Sjesa. (*ôf*)

LIDY: Biggen?

KRIJN: Dat wie Styn, myn suster. Se sil nei 't wurk.

LIDY: En sy... krûpt biggen oan?

KRIJN: Ja, wêrom net. (*gniist*) Dy bisten binne doch ek om op te fretten.

LIDY: Biggen oankrûpe! O, wat in moai staaltsje fan leafde sûnder betingsten. Dêr moatte jo my aanst noch folle mear oer fertelle! Mar earst... Jo binne iepen, lies ik?

KRIJN: Lêzen? O! Op it boerd.

LIDY: Dêr stiet: "Troch omstannichheden iepen".

KRIJN: Kloppet.

LIDY: Meastentiids is it "Troch omstannichheden ticht".

KRIJN: Ja, wy binne de kaai kwyt, dus moatte wy wol iepen bliuwe.

LIDY: Dan treffe wy it mar.

KRIJN: Wy?

LIDY: Ik bin mei twa freondinnen ûnderweis, mar we binne in bytsje ferdwaald. Jo witte hoe 't dat mei froulju giet.

KRIJN: No, eins net.

LIDY: Wy kenne elkoar noch fan eartiids, mar sjogge elkoar no ien kear yn 't jier. Wat froulju dan net allegear te bepraten ha! It giet

oan ien wei troch. En doe wisten we ynienen net mear wêr 't we wienen. En we seagen in bui oankommen. Lokkich seagen we jo... herberch. It wurd 'herberch' ... wat hearlik nostalgysk. Ik sil de oaren roppe.

KRIJN: Jo roppe mar. Jim kinne de fytsen wol ûnder it ôfdakje kwyf.

LIDY: Mar myn bêste man, wy binne hjir net op 'e fyts. We meitsje in kanotocht.

KRIJN: Doch net oer de Kronkel?

LIDY: De Kronkel? Hjit dit wetter sa?

KRIJN: Jo binne wol echt ferdwaald. Dit is Krimpen oan de Kronkel.

LIDY: Krimpen oan de Lek, IJssel?

KRIJN: Nee, Kronkel.

LIDY: Krimpen oan de Kronkel? In plak mei dy namme stiet by ús net op 'e kaart, leau 'k.

KRIJN: It sil der wol op stean mar dan krekt yn de tear. Us doarp stiet op alle kaarten, mar ja, meastentiids krekt yn 'e tear. It hie krekt likegoed Krimpen yn de Tear hjitte kinnen.'

LIDY: Mar de toeristen witte it likegoed te finen, nim ik oan?

KRIJN: Toeristen? Wat moatte dy hjir no?

LIDY: It is hjir doch prachtich! *(nei de doar)*

KRIJN: Prachtich? Hjir? *(rint mei)*

LIDY: In plakje mei skientme. (ôf)

KRIJN: *(stiet yn de doarsiepening. Sjocht even nei bûten en rint dêrnei nei de bar. Pakt in doekje in begjint te poetsen)* Skientme? Fansels, is it hjir skjûn. Krekt as juster en earjuster. Krekt as altyd. Wol in aardich minske, mar se hat wol in bytsje in kronkel yn 'e kop. Kanofarre op 'e Kronkel! Dat de Batavieren dat no dienen. Dy sakken trouwens de Rijn ôf. Yn fan dy útholle beamstammen. Dat moasten se sa wol dwaan, want sa stie it yn 'e skiednisboekjes, dus dan dochst dat.... Mar yn dizze tiid de Kronkel ôfsakje! Aanst wolle se hjir ek noch wat ha? Kofje? Tee? Ik hie dat fuort even freegje moatten. Miskien wolle se ek noch wat ite. Wie Styn hjir no mar. *(Lidy op mei Meta en Ellen, beide ek mei kanoklean oan)*

KRIJN: *(knikt nei de froulju)* Sa! *(fan de froulju gjin réaksje)*

LIDY: Dit is it froulju. Us herberch.

META: De Kromme Kronkel. "Troch omstannichheden iepen".

LIDY: De kaai is fuort! Is dit no net geweldich?

META: *(sjocht om har hinne)* Ik hie my in herberch altyd hiel oars foarsteld.

ELLEN: *(nei Krijn)* En, dit is de kastlein?

KRIJN: De namme is Krijn, mefrou.

LIDY: Hoe?

KRIJN: Krijn Kromme.

LIDY: Wat in moaie namme! Dy past hielendal by de streek.

KRIJN: Jim sykje mar in plakje, dames. *(se sjogge om harren hinne. Neist de krukken oan de bar is der mar ien taffeltsje mei twa stuollen)*

META: *(nei it taffeltsje)* Hjir dan mar? *(giet sitten)*

ELLEN: *(ploft ek op in stoel)* Dat wie my in tocht sis, ik fiel al myn spieren. *(Lidy stiet der wat ûnwis by)* Giesto net sitten, Lidy?

META: Hearlik om sa wer in dei mei it lichem dwaande te wêzen. In dei lekker útwaaie jout enerzjy. En dêr ha 'k ferlet fan.

ELLEN: *(in bytsje stikelich)* Noch hieltyd mei dyn boek dwaande, Meta?

META: Ja, noch hieltyd. Ik wol dat it in boek wurdt dat antwurd jout. Toe Lidy, gean sitten. Dat gefladder fan dy liedt my sa ôf. Wêr hie 'k it oer?

ELLEN: Dêr'tst it al tsien jier oer hast. Dyn boek.

META: It is in lestich ûnderwerp. Ik sil jim de mear wittenskiplike beneamingen besparje, mar it komt derop del dat ik it antwurd jaan moat op fragen oer it ferbân tusken de ûntwikkeling fan de hypothalamus en de seksuele oriïntaasje en it streshormoan Cortisol... Lidy! Gean sitten!

LIDY: Ja, sorry, der is gjin stoel foar my. *(Krijn by de tafel mei in notysjeboekje)*

KRIJN: Dames...

META: *(sjocht fersteurd op)* Momint graach.

KRIJN: Ik ha 't wol oan tiid.

META: Sjoch Ellen, ik ha krekt ûntdutsen dat net allinne de wurking fan de feronomen de seksuele oriïntaasje bepaalt mar dat ek de foarm fan de hypothalamus bepalend is foar it trochstreamen...

KRIJN: Sa is 't mar krekt.

META: Hoe is it mar krekt?

KRIJN: Dat trochstreamen, dat docht it. Hoe kronkeliger, hoe gekker.

META: *(ferbaasd)* Wêr doele jo op?

KRIJN: Ik sil it útlizze. *(tsjin Ellen)* Gean es even stean. *(Ellen stiet, Krijn giet sitten)* Sjoch. *(yllustrearret syn útlis mei in finger op 'e tafel)* Hoe mear 't dyn harsens kronkelje, sjoch sa, hoe mear as de binnenbochten ticht slibje. Mar wat gebeurt der dan mei de bûtenbochten? Dy wurde wider en wider. Resultaat: dyn gedachten fleane út de bocht. De iene kronkel is nammentlik de oare net. *(oerein)* Wat sil it wêze foar de dames? *(Lidy sjocht dat de stoel leech is en giet gau sitten)*

ELLEN: Lidy!

LIDY: *(tsjin Krijn)* Wat riede jo ús oan?

KRIJN: Ja... jo soenen sizze kofje.... mar de filterpûdsjes binne op en dan tee.... ja....

META: De teepûdsjes binne ek op? *(Krijn knikt)*

LIDY: Is der net in pleatslike spesjaliteit dy 't jo ús priuwe litte kinne?

KRIJN: Eh... spesjaliteit.... *(sjocht nei Meta)*

META: En? Is dy der?

KRIJN: No, Kleare Kronkel fansels!

META: Is dat in pasta?

KRIJN: It is in buorrel.

LIDY: Wat in grappige namme foar in buorrel! Kleare Kronkel. Hoe komt dy Kronkel sa klear?

KRIJN: Dat is hiel grappich. *(tsjin Meta)* Gean es even stean. *(Meta oerein, Krijn giet sitten en tekent wer mei de finger op 'e tafel)* De Kleare Kronkel is dit stikje fan de Kronkel dêr 't yn de bûtenbocht it wetter al jierren stil stiet. Hjir, op dit plak! Al it slib is nei de boaiem sonken, it wetter is dêr glêshelder.

LIDY: En dat wurdt dan dronken?

KRIJN: Nee. Dêr is ús eigen buorrel nei ferneamd. Ik stookje it sels. Al ieuwen. Myn famylje dan. Fan heit op soan. *(oerein. No sjocht Ellen dat de stoel leech is en giet gau sitten)*

META: Ellen!

ELLEN: Doch my dan mar sa'n Kleare Kronkel.

LIDY: My ek mar. Ik bin hiel benijd.

KRIJN: *(tsjin Meta)* En mefrou? Ek in Kleare Kronkel?

META: As ik der in stoel by krije kin.

KRIJN: In stoel?

META: Ja, sa'n ding mei fjouwer poaten, dêr 't in mins it sitflak op sette kin.

KRIJN: Ja, ja. Dat is no krekt it probleem. Der wie noch in stoel...

META: Helje dy dan asjeblyft.

KRIJN: Mar dêr is de fjirde poat fan brutsen. *(nei de bar, pakt in kruk)* Mar jo kinne dizze wol brûke. Bram is der doch net.

META: Bram?

KRIJN: De lêste Bûterblom. Hy is krekt fuort. *(set de kruk by it taffeltsje, fielt mei de hân)* Mar syn waarmte is der noch wol. Gean mar sitten. *(mompeljend nei de bar)* Dat is dan trije Kleare Kronkel. Trije Kleare Kronkel. Trije Kleare... *(pakt trije romerkes en skinkt dy knap fol. Meta wappert mei de hân boppe de kruk)*

ELLEN: Kom Meta, der is doch neat mis mei de waarmte fan Bram?

META: *(giet wat ûnhandich op 'e kruk sitten)* Ik ha gjin ferlet fan restwaarmte fan wa dan ek.

LIDY: Sitst goed, Meta?

META: Nee.

LIDY: Ik wol wol ruilje, hear.

META: Nee, lit mar. Yn dizze posysje hâld ik yn elk gefal it oersicht.

LIDY: Wat dy man sei...

ELLEN: Hokker man?

LIDY: Ik ha it tsjin Meta. Wat dy man sei oer dy kronkels en de harsens...

META: Ja?

LIDY: Wie dat no hiel snoad of hiel dom?

META: Wat tinkst sels?

LIDY: Ik fûn it wol ferrassend. Oarspronklik.

META: "De iene Kronkel is de oare net". (*Krijn stiet mei in blêd by de froulju*) Kroechpraat fansels. Mar wol komysk.

LIDY: No, sjoch es oan, dêr binne de drankjes.

KRIJN: Trije Kleare Kronkels. (*set de glêzen foar harren del*) Asjeblyft. (*rint werom*)

ELLEN: Wolle we de kaart sjen?

LIDY: Ik ha wol sin oan wat.

META: Do hast altyd sin oan wat.

LIDY: Wa wit hat dizze streek ek wol spesjale gerjochten. Dêr bin ik altyd foar yn. Sa wienen myn man en ik in kear yn Moldavië...

ELLEN: Net wer oer dyn man, Lidy. (*tsjin Krijn*) Wy wolle de kaart graach sjen.

KRIJN: De kaart... Dat is goed. Ik moat ergens noch ien ha. Mar wêr? Mar wêr? (*nei de binnendoar*) Ien momint (*ôf*)

LIDY: Yn Moldavië dus. (*mei klam, sjocht nei Ellen*) Mei myn man! (*troch op gewoane toan*) Kuierje, want dan sjochst doch it meast. En dan ite we ûnderweis allinne mar gerjochten fan de streek út de regionale keuken. Pleatslik dus.

ELLEN: Lulkoek bygelyks.

LIDY: Nee, dat komst mear yn dyn kringen tsjin.

META: Punt foar Lidy.

LIDY: En we namen altyd de resepten mei. Dat hat ús gjin wynaaien oplevere. Sa ha wy Moldavysk gebak op 'e merk setten. En de Turkske skieppeboarst yn prommejenever.

META: Ha jim der al fan dronken?

ELLEN: Wa nimt de earste slok? Lidy, do bist ús spesjalist op it gebiet fan drankjes fan de streek.

LIDY: Wat?


ELLEN: Wêr sitst mei dyn gedachten?

LIDY: Soest hjir ek oernachtsje kinne?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto